



Ûntwikkeling en eftergrûn fan Kâld Kletske Galjes

~Wa binne de belutsenen en wat is harren rol?

Bierbrouwerij De Hoge Stins fan Sytze Hoogstins út Burgum is de produsint fan it bier mei de namme Kâld Kletske Galjes.

Sytze brout syn bieren yn Âldtsjerk ûnder de namme Kâld Kletske.

Geesje Duursma fan Restaurant De Pleats yn Burgum fertelde Wrâldfrucht dat it har skoan talike om in Streekbier mei Galjes yn De Wâlden te ûntwikkeljen.

Se hie dêr ek al in bierbrouwer foar op it each: Sytze Hoogstins fan Bierbrouwerij De Hoge Stins, produsint fan de Kâld Kletske bieren dy't al langer yn De Pleats suksesfol skonken waarden.

Jan Kees Kempenaar fan Sliterij Mitra yn Burgum en Johannes van der Wal fan Wynhannel CRU68 wienen al mei de hannel yn Kâld Kletske bieren te set en hienen hjir ek wol earen nei. It kontakt mei Stifting Wrâldfrucht, hâlder fan it Streekkarmark Wâldpyk, waard lein en dêrmei kaam Ida Haarsma as teler fan it krûd Galjes yn byld.

It koe net oars as de Krûdhôf yn Bûtenpost, it krûdenmekka fan Nederlân, moast by dizze ûntjowing belutsen wurde en sa kaam Hein Drost nei foaren.

It Túnkafée De Krûdhôf hie krekt nije ûndernimmers ferwolkomme yn de persoanen fan Daan en Karin Nagelkerke.

Dy sitte alhielendal op'e toer fan it brûken fan krûden yn harren kulinaire kreaasjes en dêr past in Galjesbier fansels perfekt yn.

It Streekkarmark Wâldpyk yn de persoanen fan Henk Pilat, Frank Dankmeijer en Jan de Boer bea stipe yn praktyske en organisatoaryske saken.

Mei help fan dizze groep waard troch Sytze Hoogstins de ûtwikkeling fan it Kâld Kletske Galjes mei faasje oppakt.

Nei ferskillende oerlizmominten en priuw-sittings hat de groep oardiele dat it risseltaat sa bysûnder is dat it hjir hjoed oan jimme foarsetten wurde moat.

Mar no earst wat oer it geheime wapen fan dit bier: de Galjes.

~Wat is der sa bysûnder oan it Kâld Kletske Galjes?

Yn it Kâld Kletske Galjes is yn stee fan Hop Galjes út De Wâlden brûkt.

Mar Bier en Hop, dy hearre ûnferbreklik byinoar soe men sizze.

Dochs hat dat net altiten sa west.

Yn de midsieuwen waard foar it brouwen fan bier in krûdemingsel brûkt dat bekind wie ûnder de namme fan 'Gruit'.

Galjes wie mei in tal oare krûden it wichtichste smaakmeitsjende yngredyint foar dit bier.





De Galjes is in strûkje dat omendeby de ien oan't oardel meter heech wurdt. De hiele plant is besiedde mei harsklieren dy't opfallend en yn de noas fan de measte minsken hearlik geurje. De geuren fan it jonge hout, fan de blomknoppen en fan de blêdden ferskille nochal wat faninoar.

Yn april en begjin maaie bloeit de Galjes sa'n bytsje tagelyk mei it útrinnen fan de blêdden. De plant is twahúzich en dat wol sizze dat de manlike en froulike blommen op ferskillende planten foarkomme. De wyn soarget foar it oerbringen fan it stomoal fan de hearen nei de dames ta, dat yn ús eagen komt dêr net al te folle romantyk by te pas. Mar wa wit wat de loftpost noch mear oan foar ús net waar te nimmen boadskippen oerbringt.

De Galjes koe men fanâlds rûnom yn De Wâlden fine. Men moat der no wat langer om sykje, mar by pingo's en petgatten en yn wiete natuerterreinen kin men him hjir en dêr noch wol oantrefte. Galjes wurdt yn Nederland tsjintwurdich wol foar de blomkerij kweekt.

Yn it ferline wie hy in wichtige smaakmakker yn allegearre gerjochten ear't der nije eksoatyske speserijen út fiere lannen by ús yn gebrûk kamen. It Fryske Hiem fan Bakkefean brûkt de Galjes no yn bysûndere Wâldpyk-fruitprodukten fan Blauwe beien.

Der wienen altyd in protte tapassings foar de Galjes troch it folk fan'e Wâlden. De hiele plant waard brûkt foar it loaien fan lear en de blommen leveren in plantaardige kleurstof. Alle dielen fan'e plant jowe hearlike geuren ôf en dêrom waard en wurdt hy wol brûkt om neefkes en oare ynsekten te ferdriuwen. Yn Skotlân wurdt der in sjippe mei Galjes makke en it krûd wurdt noch altyd brûkt foar it kearen fan de motten en foar de lekkere geur yn'e linnekast. Galjes levere ek in goedkeap en maklik te finen parfum.

Yn de folksgeneaskeunst koe men in soad geneaskrêftige tapassings foar de Galjes fine. Hy wurke goed tsjin wjirms by minske en dier, dat miskien kin Bijke ek noch wolris oan it Galjesbier. In balsem fan'e blêdden wie goed tsjin pine oan'e hannen en de skonken en Galjes holp omraak tsjin allegearre hûdsykten en tsjin pinemûle. Allinne froulju dy't in poppe krije soenen moasten foarsichtich mei Galjes wêze.

De blêdden befetsje in grut tal aromatiske oaljes, sa as linoleen dat ek yn citrusfruchten te finen is, mar wy fine ek α -pineen en δ - en γ -cadineen. Dy lêste twa binne giftich en sels roesferwekkend. Dat bringt ús by in hiele oare kant fan de Galjes.





~Tsjoenderij

Guon tinke dat de oarsprong van het wurd Galjes socht wurde moat by het âld-Noarske wurd *galinn* dat 'betsjoend' betsjutten hat.

Fanâlds wurdt dizze plant hjir yn'e Wâlden ek mei tsjoenderij yn ferbân brocht.

De lju wienen foarhinne tige befetlik foar nachtlke yndrukken, foaral at dy tichtby it wetter opspilen.

De rook fan de Galjes koe men dêr altyd wol by gewaar wurde en it koe net oars as men hie dan mei tsjoenderij te krijen.

De psycho-aktive wurking fan it alkoholhâldende bier makke minsken yn guon gefallen mooglik noch wat gefoeliger en wa wit spile de Galjes hjiryn ek noch in beskate rol.

Deselde plant dy't yn de betsjoening in rol taskreaun waard mocht fakentiden ek in rol spylje yn it bestriden fan dit fenomeen.

Alle leauwen yn tsjoenderij hat yn De Wâlden yn elts gefal in grut tal moaie ferhalen oplevere en yn guon dêrfan spilet ek de Galjes syn rol.

~Wêrom kriget Bierbrouwerij De Hoge Stins de Wâldpyk-bekroaning ?

Bierbrouwerij De Hoge Stins krijt it Streekkarmerk Wâldpyk omdat dit bedriuw in bydrage leveret oan de 'kwaliteit fan De Wâlden'.

It bedriuw docht dit mei nammen troch it útdragen fan de rop fan in bysûnder lânskips- en natuerelemint fan De Wâlden, de Galjes, fia it sertifisearre Wâldpyk-produkt Kâld Kletske Galjes.

Ek fertsjinnet Bierbrouwerij De Hoge Stins it Wâldpyk-karmerk troch syn bydrage oan de streekeigen gastronomy, de eigen streektaal en de wurkgelegenhed yn De Wâlden.

En de wichtichste reden is fansels omdat Bierbrouwerij De Hoge Stins in unyk bier brout hat.

Kâld Kletske Galjes, in bier sûnder wjergea!

Wâldpyk | Jan J. De Boer | Peaske 2016

